

FRYSLAN-A EKSAMEN
12 april 2014

IV Skriuwopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. Jo hawwe fan 't winter it reedriden op de Olympyske Spullen op 'e televyzje op 'e foet folge. Skriuw dêr in ferslach oer.
2. Skriuw yn in opstel oer it frijwilligerswurk dat jo dogge of oer de staaasje dy't jo folgje foar jo oplieding.
3. Frou Dolstra seach nei de klok. Fan skrik liet se de stofsûgerslange falle. 'Blikstienders', sei se tsjin harsels. Se fleach nei de dûsromte. 'Mynhear Van der Molen, it is kertier oer sânen. Jo komme te let.' Se sloech in pear kear mei de hân op 'e doar. Ynienen wie der panyak yn har lûd. 'Mynhear Van der Molen, sis no ris wat!' Meitsje dit ferhaal ôf en betink sels in titel.
4. Op 30 april 2013 droech keninginne Beatrix de troan oer oan prins Willem-Alexander. Jo hawwe alles hiel moai sjen kinnen op 'e televyzje, mar jo broer yn Australië hat de útstjoering spitigernôch misse moatten fanwegen in staking by de televyzjemaatskippij. Doch dêrom yn in brief ferslach fan de troansôfstân.
5. Ien dei yn 'e skuon fan...
6. Skriuw it ferslach fan de gearkomste fan Doarpsbelangen dêr't de plannen yn oan 'e oarder komme om wat oan de driigjende krimp yn it doarp te dwaan.
7. Skriuw trije e-mails: ien oan jo mem yn Kanada oer jimme plannen om in hûs te keapjen, ien oan de Afûk dêr't jo om ynformaasje yn freegje oer de mooglikheid om fan 't hjerst fierder te gean mei de B-kursus en ien oan de wykagint dêr't jo jo yn bekleie oer de lûdsoerlêst fan jo buorlju.
8. Jo binne skriuw(st)er fan de toanielferiening en skriuwe in útnoeging oan alle leden foar de jierlikse ledegearkomste mei dêryn dei, plak en tiid en it programma.